LEEUWARDER COURANT

14 maart 2008 , pag. 2

Steksjoch De Haach

It is in lijenswei dy't it Frysk ôflizze moat om syn rjochtmittich plak op te easkjen yn it ûnderwiis. De provinsje is al in foech heale ieu yn it spier om stapke foar stapke te setten, se slút bestjoersôfspraken mei it ryksregear en sûnt Nederlân mei op oanstean fan Fryslân as ien fan de earste lannen it Europeesk Hânfest foar Regionale en Minderheidstalen ratifisearre hat, like Piter sa nonkelytsen yn 'e broek te kommen. Mar, sa hat it Konsultatyf Orgaan Frysk okkerdeis fêststeld, der is noch in lange wei te gean.

Sa skynt der tusken it ryk en de provinsje ferskil fan miening te wêzen oer wat in 'substantieel deel' is dat neffens it Hânfest oan it Frysk bestege wurde moat. De provinsje giet op syn minst út fan seis oeren yn 'e wike op de basisskoallen, it ryk fynt dat it wol mei 45 minuten yn 'e wike ta kin. Dat is hast substansjeel de gek oanstekken!

Dat it yn it fuortset ûnderwiis yntegrearre wurde moat yn it learplan, dat wol it ryk ek net rjocht oan, men kin wol sizze dat it de saak sloere lit. It Konsultatyf Orgaan, ûnder foarsitterskip fan âld-steatssekretaris foar ekonomyske saken Gerrit Ybema, sei it sa: „Er moet bij het rijk hard aan getrokken worden om aandacht voor het Fries te krijgen en om het Fries automatisch mee te nemen in nieuw beleid."

DWERS

In automatisme hat it noch nea west. Fryslân moat hieltyd wer nei De Haach om de saak fan it Frysk opnij te bepleitsjen, en hieltyd moat it troch in muorre fan ûnbegryp en/of ûnwil hinne brekke om ek mar in grisseltsje syn sin te krijen. As wie it noch hieltyd gjin rjocht en is it noch altyd in geunst.

Deputearre Jannewietske de Vries hat fan 'e wike, by de tsienjierrige 'betinking' fan it Hânfest yn Straatsburg, har teloarstelling útsprutsen oer De Haach. Se sei dat se der lykwols noch fan dreamt dat yn 2030 alle skoallen twatalich wêze sille en alle bern tusken de fjouwer en achttjin jier yn basis- en fuortset ûnderwiis fertroud makke wurde mei it Frysk.

Dat is in moai fiersicht, 2030. Troch de jierren hinne is it perspektyf ferlein. Yn de tiid fan de twatalige 'proefskoallen', mids jierren sechstich, wie de hope fêstige op 2000. No binne we fansels ek wol in moai ein foarútbuorke. Wa hie doe rekkene mei Frysktalige berneboartersplakken? Dat 'foarskoalske' trajekt bestie doe noch net. En wa hie tocht oan eksperiminten mei trijetalich ûnderwiis? Dat alhiel ta weismiten keard hat it politike krewearjen net west.

Men mei lykwols net ferjitte dat it politike krewearjen in gefolch west hat en as it goed is, noch heart te wêzen fan it krewearjen fan de bewegers, dy't foar de muzyk útrinne. Ik sis: as it goed is, want it fernuvere my earlik sein wol in bytsje, ja in bytsje soad, dat it ballontsje dat Jabik van der Bij, de foarsitter fan de Ried fan de Fryske Beweging, opgoaide – meitsje fan it Frysk in 'co-officiële taal' yn de EU lykas it Welsk, it Katalaansk en it Baskysk - , fuort lek sketten waard troch FNP-fraksjefoarsitter Johannes Kramer („Der binne wol oare prioriteiten foar de EU, wy moatte earst mar ris soargje dat it Frysk yn Nederlân syn gerak krijt", LC fan woansdei 12-3).

Dat lêste is yndied de soarch en de ferantwurdlikheid fan de provinsjale politisy, dy't yn it tsjinwurdige bestel har pylken rjochtsje op it regearingssintrum De Haach. Bestjoerskundige Pyt Hemminga wiist derop dat it der te uzes polityk en maatskiplik gâns oars hinne leit as yn Grut-Brittanje en Spanje. Dy regio's dêre binne nammers fierhinne autonoom.

Dat is wier, en dat wit Van der Bij ek. Mar wêrom soe hy him as Frysk en frij beweger dêr wat fan oanlûke moatte? Wat hat er mei De Haach te krijen, mei dy steksjogge regearing dy't krekt docht as dêr noch de wichtige besluten falle? It is al te gek foar wurden dat de Fryske deputearre har yn Straatsburg oer De Haach bekleie moat, wylst yn Straatsburg en Brussel de kânsen lizze. Yn de Europeeske Uny telle oare ferhâldingen en wêrom mei Van der Bij dan net in skot foar de boech losse? Dat moat de politisy krekt opskerpje.

Yn it nijste nûmer fan De Moanne beklaget Kees Verhaar him oer it lege ambysjenivo as it om it Frysk giet. Dit is ek in eksimpel fan wat er bedoelt. Fuort yn jins skulp krûpe en it near lizze op ideeën dy't boppe de aldendeiske praktyk útstige, wylst dy, as je wat fierder tinke soene, it útwurkjen en stypjen wurdich wêze kinne.

It probleem is dat de beweging tangele sit mei in imagoprobleem. Se hawwe amper noch oanhing en misse de ideologyske stipe yn 'e rêch fan in yntellektuele elite. Fryske skriuwers, foarsafier't se al ree binne fierder te sjen as de eigen nâle, wolle net heal mei de beweging ferienselvige wurde, lykas yn in griis ferline Douwe Kalma en E.B. Folkertsma. Dy har fiersichten, ja, te mâl om wei bytiden, mar je soene der suver wer nei útsjen.

PIETER DE GROOT